



Oan de leden fan de FFU

210211[3]

Itens/Drachten, 11 febrewaris 2021

Achte leden, bêste minsken,

Skriuwer Hiemstra hat wer hiel wat wurk makke fan it jierferslach 2020! Alhoewol't wy in koroanapandemy belibje, sitte wy as bestjoer net stil sa as jimme sjogge. Dat kin ek net oars, want de ûntjouwings op it mêd fan it belied geane wól troch.

Op dit stuit wachtsje wy op de presintaasje fan de nije keardoelen Frysk. De troch in lanlike wurkgroep ûntwikkele konsept-keardoelen foar de oare fakken lizze al klear, mar dy foar it Frysk noch net. De *wurkgroep kurrikulum. frl* wie net op 'e tiid klearkommen en doe hat de provinsje in wurkgroep fan it Cedin (skoalbegelieding) frege om foar 1 oktober lêstlyn mei boustiennen te kommen. Dat is slagge en as FFU binne wy bliid mei harren advys om likense keardoelen foar sawol de Frysk- as de net-Frysktalige learlingen te formulearjen, lykas dat ek foar oare fakken it gefal is. No mar ôfwachtsje wat derfan op 'e hispel komt, omdat de provinsje gjin baas is en ôfhinklik is fan it (wetlik ferplichte) oerlis mei de skoallen dêroer.

Fierders is it mei it Frysk yn it ûnderwiis noch altiten in spultsje fan noeden en soargen. In tredde fan de basisskoallen docht wakker syn bêst, mar in protte oare skoallen achtsje dat net reël of binne der eins noch altiten tsjin. De easken foar 'Nederlandse taal', de komst fan bern fan asylsikers mei harren talen, it sluten fan lytse basisskoallen en it stribjen om de Frysktalige bern al sa jong mooglik mei allinne it Hollânsk te konfrontearjen sette in eigen Fryske taalûntjouwing ûnder druk. Hoewol't de polityk ferantwurdlik is foar de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk, wurdt der net nei effektive oplossings socht om dat wier te meitsjen. It is in praktyk fan 'de geit en de koal sparje wolle', mei as gefolch in oanhâldend diskriminearjend etnysk profielearjen yn de skoallen.

Yn kêst 1 fan de Nederlânske Grûnwet wurdt diskriminaasje ferbean. Net allinne ras of slachtme, mar ek de taal fan in (autochtoane) mienskip falt dêrûnder ('op welke grond dan ook'). Dan wreekt him de situaasje dat de Fryske mienskip gjin echte ynfloed yn de Twadde Keamer hat. Ynsidinteel dogge Keamerleden lykas Van der Molen (CDA) en De Vries (VVD) goed wurk, mar de oerheid as gehiel stiet yn de praktyk ôfwizend foar in 'normale' posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis oer. It Frysk is ek nea in ûnderwerp oan de Haachske praatafels, mar as der winterwaar op komst is, wurdt foarsitter Wiebe Wieling fan de 'Elfstedentocht' daliks oprotomme en mei dy sa no en dan ek wat (yn it Hollânsk) sizze (NPO 1, 4 febr. 2021).

Wy binne der wiis mei dat de measte leden harren finansjele bydrage oer 2020 (of earder) wer oermakke hawwe oan de FFU (en wa't it fergetten hat, makket dy dat dan noch mei gauwens oer?). Sûnder jild kinne wy ek neat en der falt noch foar hiel wat te striden. It jier 2021 leit foar ús en dêrom ús fersyk om ek foar dat jier de jierlikse bydrage fan € 10,- (mear mei fansels ek!) meikoarten oer te meitsjen op **NL 17 INGB 0002 3560 38** mei de fermelding **ledejild 2021** op namme fan: **Feriening Frysk Underwiis, E. Knotter, ponghâlder FFU, De Sweach/Beetsterzwaag**. Alfêst tige tank!

Mei freonlike groet,

Tom Dykstra, foarsitter